

Ut de neilittenskip fan in samler

Frysk

troch **Jaap Krol**

Dit jier is it hûndert jier ferlyn dat skriuwer, dichter en foaral samler Adam Aukes Jaarsma yn Eastermar berne waard yn it hûs dêr't er hast syn hiele libben wenje soe. Nei syn middelbere skoalle yn Drachten studearre Jaarsma in skoftke teology yn Grins, mar syn status as 'semikandi-daats' brocht him net fierder as helppreker. Miskien wie er fassinearre troch teology en it amt om't er sa ferhalen fertelle koe, want ferhalen wiene ien fan Jaarsma's grutte passys, oftewol: folksferhalen. Jaarsma publisearre ûnder oare berneferskes, toanielstikken, gedichten en oersettings, mar syn faam hat er foaral te tankjen oan syn wurk as samler en optekener fan folksferhalen. Syn grutte ynventarisasje fan folksferhalen út De Wâlden is in grutte skat: it binne der tûzenen. De sammelbondel *Mearkes út 'e Wâlden* dat as oade oan dizze samler útkommen is, befettet in nijsgjirrige seleksje út dy skat en is in famyljeboek foar jong en âld.

Fjildwurker

Yn in neiwurd sketst folkskundige Jurjen van der Kooi de kontekst fan dy sammelwoede. Mids jierren sechtich waard Jaarsma korrespondint by it Bureau voor Volkskunde, de foarrinner fan it Meertens Instituut – bekend fan Han Voskuil's romansyklus *Het Bureau*. As fjildwurker foar Voskuil c.s. wie er belutsen by it projekt om in meardielige *Volksatlas voor Nederland en Vlaams-België* gear te stellen. Ynset wiene sêgen, oftewol folksferhalen yn in histoaryske setting mei in boppe-natuerlik karakter. Dat sammeljen wie feitliks hiel ambachtlik wurk, wêrby't Jaarsma mei in sekuere fragelist nei syn yn-



In kompilaasje fan Dam Jaarsma, it gebiet dêr't er de ferhalen opheinde en syn ritsjes op 'e fyts nei de fertellers ta.

Illustraasje Ut Mearkes út 'e Wâlden

formanten gie en mei in eigen koartskrift de oan him fertelde ferhalen útskreau. Bedoeling wie dat it totaal fan de sê-

gen ynsjoch jaan soe yn in mooglik mienskiplik, pre-industrieel ferline. As ferhalen op inoar lykje, is de boarne it-

selde, wie de hearskjende gedachte. Destiids tige modieus tocht, mar letter wer loslitten foar ûndersyk nei tematyske oerienkomsten en weromkommende motiven yn allerhanne ferhaaltypen. It ûndersyk is trouwens noch net klear, want it Meertens Instituut is noch altyd dwaande mei it online setten fan alle ferhalen út de Nederlandse Volksverhalenbank, dy't oait wer opnommen wurde sil yn in enoarme Europeeske database.

Mei tank oan Jaarsma, dy't as alles-samler (syn hiele hûs stie fol prullaria) ek moppen, teltsjes, riedsels en mearkes optekene by minsken as bygelyks Anders Bijma fan Boelensloane, Hindrik Meijer út Drachten en Geeske Kobus-van der Zee út Nijegea. Yn totaal hat er in lytse santjin tûzen ferhalen samle, wêrfan 323 mearkes.

Taalkleed

Mei 125 ferhalen is *Mearkes út 'e Wâlden* dus in beskieden, mar hiele nijsgjirrige seleksje. It prachtich yllu-

strearre boek telt fiif seksjes: diereteltsjes, wûndermearkes, leginde- en novellemearkes, domme duvelteltsjes en grappige teltsjes. De gearstallers wize yn it neiwurd derop dat se sa ticht mooglik by de sprektal fan de fertellers bleaun binne, wêrby't besocht is dy typyske Wâldfryske klank – 'it taalkleed' yn de wurden fan de gearstallers – sa goed mooglik te bewarjen.

No kin it opskreaune wurk dy unike Wâldfryske tongfal fansels net ferfange, mar it idee is hoflik en urgint – wy hawwe hjir te krijen mei útstoarne minsken, dy't ús feitliks ynsjoch jouwe yn in pre-digitaal ferline. De ferhalen hawwe dus de spanning dy't se foar bern sa magysk meitsje, foar âlderen sizze se ek wat oer de leef- en tinkwrâld fan de fertellers.

Dit boek is dan ek in oade oan de konserveartechnyk fan in samler dy't sa ticht mooglik by syn boarnen bleau. It docht rjocht oan de beskieden, romantyske en in slachje wrâldfrjemde Jaarsma, dy't altyd yn it skaad stie fan de yntellektuele en dominante Ype Poortinga (1910-1985). De twa generaasjege-noaten leine inoar net, wêrby't de presintaasje fan ien fan Poortinga's ferneamde ferhalenbondels yn de tsjerke fan Eastermar foar Jaarsma in fernedering wie. Eastermar wie ommers syn habitat, it wie it epysk sintrum fan in unike orale tradysje. Brânpunt wie it hûs oan de E.M. Beimastrjitte, dêr't Jaarsma yn 1991 ferstoar.

i *Mearkes út 'e Wâlden*. Dam Jaarsma. Bornmeer, 29,50 euro

